

Op syk nei taalskatten!

Mei wurden lit ik sjen dat ik oan dy tink...

Do giest op syk nei in taalskat. In taalskat is makke fan moaie, leave, freonlike of grappige wurden. In taalskat is in skat yn de **memmetaal**.

Memmetaal: *de taal dy'tsto thús praatst mei jim heit en/of mem. Nederlânsk, Frysk, Ingelsk, Arabysk, Koerdysk, mar ek it Snekers, Drentsk, Limburchsk of Bildtsk. Se sizze ek wol thústaal. Soms hawwe bern wol twa thústalen!*

In taalskat kin der foar soargje dat minsken laitsje en trestge wurde.

As wy meiïnoar in hiel soad taalskatten fine, kinne wy in hiel soad minsken bliid meitsje. In alderaadich idee, net? Sykje dêrom mei!

Wêr sikest dy taalskat?

Dat meist sels witte.

Miskien leit er by jim pake, beppe, heit, mem, omke of muoike, of by dyn buorman of buorfrou.

Hoe sikest dy?

Kinst skilje, skype of facetime, as de taalskat by jim pake of beppe te finen is.

Kinst gewoan prate as de taalskat by dy thús leit.

Opdracht 1: Sykje nei in taalskat

Do silst ien freegje nei syn/har taalskat. Dat is wat dy persoan in hiel moaie sin fynt.

Dêr't se bliid fan wurde, wat se grappich of moai fine, of wat dat hope jout.

- A:** Betink by wa'tsto de taalskat sykje silst. Miskien by jim heit of mem, pake of beppe. It mei allegearre.
- B:** Betink hoe'tst mei dy persoan kontakt makkest. Kinst skilje, fiodeoskilje, mar kinst it ek gewoan freegje as de taalskat by dy thús leit.
- C:** Betink fragen dy'tst stelle silst. Brûk dêrfoar Helpblêd 1.



Helpblêd 1: Op 'e syk nei in taalskat

Hokker fragen silst stelle?

.....

.....

.....

.....

.....

Kinst de folgjende fragen brûke:

- Wat fûnst foarhinne in moai/grappich/bysûnder ferske yn dyn memmetaal?
- Wat fûnst foarhinne in moai/grappich/bysûnder gedicht yn dyn memmetaal?
- Wat fûnst foarhinne in moaie/grappige/bysûndere sin yn dyn memmetaal?
- Wat fûnst dêr sa moai/grappich/bysûnder oan?
- Fûnst it moai/grappic/bysûnder klinken?
- Waardst der bliid fan?
- Of fertrietlik?
- Wêr gie it oer?
- Yn hokker taal is it?
- Wannear waard it songen?

Kies no tegearre de aldermoaiste sin. Skriuw de sin hjirûnder op.

.....

.....

.....

Yn wat foar taal is dy sin?

.....

Wat betsjut dy sin yn it Nederlânsk?

.....

.....

.....

.....





Opdracht 2: Diel dyn taalskat!

Do hast it taalskat makke, bjusterbaarlik!

No wolle wy dy graach mei oaren diele, sadat ek sy genietsje kinne fan dy taalskat. Dat dogge wy troch der in poster fan te meitsjen.

- A:** Betink goed wat foar plaatsje of foarstelling by dyn taalskat passet. Hoe sjocht dat derút? Meitsje twa sketsen foar in ûnderwerp. Brûk dêrfoar Helpblêd 2.
- B:** Binne dyn sketsen ôf? Moai!
Kies ien fan de twa sketsen út dêr'tst fierder mei wurkje wolst. Folje de oare fragen op it helpblêd yn.
- C:** Do hast der no goed oer neitocht. Do kinst oan it wurk mei dyn poster!

In pear foarbylden as ynspiraasje:



Helpblêd 2: Diel dyn taalskat

Meitsje hjir twa sketsen foar in ûnderwerp fan dyn poster.

Tink goed nei wêr't dyn tekst komt te stean.

It is fansels wichtich dat minsken dyn sin, dyn Taalskat, goed sjen en lêze kinne.

Hoe makkest de poster? Tink derom: Lis dyn papier goed del (steand) lykas de foarbylden.

Do kinst tekenje, skilderje, plakke....

.....

Wat foar materiaal hast nedich?

Tink oan in grut fel papier, stiften, ferve, stof, wasko, tiidskriften, plaatsjes, lym....

It is moai om mei in soad ferskate materialen te wurkjen!

.....

.....

.....

Hoe setst dyn Taalskat op de poster?

Stimpelje, letters útknippe en plakke, ferve, skriuwe....

Ast skriuwst, doch dat dan mei in tsjokke stift, sadat dyn tekst goed is te lêzen.

.....

.....